

HATTUM DE VRIES

bydrage fan de Stichting Hattum de Vries

In stikje oer Hattum de Vries (Hattum Jantsje). Hy wenne op It West 18 yn Aldegea mei syn vrou en harren dochter Wietske.

Yn Bakbrogge 5 hat Feike Wijma al skreaun dat Hattum de earste man yn Aldegea wie dy't in auto hie. Hy koe in soad en makke ferskate dingen.

Hattum waard berne op 6 juny 1877 yn Aldegea, soan fan Kornelis de Vries en Grietje Jans van de Wal.

Doe't hy noch by syn âlden wenne, wie hy al oan it fytsmeitsjen. Ek wie hy jager, hy hie in guozzeroer (geweer) fan sa'n 80 pûn. In jachtakte koste yn 1903 al fl. 24,75. Dat wie doe in hiele soad jild. Yn 1905 makke hy al foto's.

Yn 1909 troude Hattum mei Jantje Sibma. Se hiene doe in winkeltsje mei ferskate artikels, û.o. fytsen, naaimasines, meanmasines, redens en in hiele soad spul op hûshâldlik gebiet.

Hy wie in erkend elektrisien en hat in soad liedingen oanlein yn Aldegea.

Al gau hie hy in radio en faak kamen minsken by har thús om der nei te harkjen. Letter hie hy ek radio's te keap. Ek ferkocht hy kachels, de pipen makke hy sels en de brânstof koe hy ek leverje. Dy waard ferkocht yn jutesekken.

At der sekken stikken wiene, koest se wer meitsje litte. Mar om't der safolle sekken fuort rekken moast der staasjejild foar betelle wurde.

Hattum hat trije briedmasines makke, die waarden dan ferkocht. Mar hy hie sels ek hinnen dêr gong hy mei nei tentoanstellingen en hat dêr ek wol prizen mei behelle.

Yn '1926 een eerste prijs waaraan verbonden een zilveren medaille', sa stiet it op in diploma van een Groote Landbouwtentoonstelling in Dragten.

De bried-aaien en iendeispiken kamen út Kerkdriel en moasten dan fan de tram helle wurde út Drachten as Nijegea.

Foar harren dochter Wietske makke hy boartersguod, sa as in poppewidske en in kacheltsje, (dat is der noch).

Yn de oarloch makke hy in 'gelijkrichter' hjir koene akku's mei opladen wurde. Dizze is faak brûkt om nei de Ingelske stjoerder te harkjen.

Matten flechtsje fan biezen en stuollen matsje, tassen meitsje, ek dat koe hy. Hattum wie by de burgerwacht, om it sjitten ûnder de knibbel te krijen, gie Hattum sneons te oefenjen nei Beetstersweag.

In brief fan it Departement van Oorlog.

Afdeling Militie en Landweer

DE MINISTER VAN OORLOG

*Beschikkende op een verzoekschrift van de huisvrouw van Hattum de Vries
woonplaats hebbende te Oudega Gemeente Smallingerland welk*

*verzoekschrift de strekking heeft te verlangen, dat eene vergoeding worde toegekend, als bedoeld in artikel 15bis der Landweerwet, wegens den werkeliiken dienst, welken haar echtgenoot dienstplichtige bij de Landweer-Infanterie der lichting van 1905 in het derden Landweer-district, in dit jaar ingevolge artikel 11 van genoemde wetverplicht werd te vervullen:
Brengt ter kennis van verzoekster, dat aan haar mits deze, overeenkomstig de regelen, vastgesteld in het Koninklijk Besluit van 9 Mei 1906 (Staatsblad no 111), eene vergoeding wordt toegekend ten bedrage van "veertig cents" (f 0,40)*

Voor elken dag van het verblijf onder de wapenen waartoe genoemde dienstplichtige in dit jaar krachtens artikel 11 der Landweerwet verplicht werd. Ondervricht verzoekster wijders dat de uitbetaling van de hierworen bedoelde vergoeding zal geschieden aan haar door de zorg van Burgemeesters en Wethouders des Gemeente Smallingerland, door wie de betaaldagen der vergoeding op de gebruikelijke wijze en plaatsen bij Openbare kennisgeving worden afgekondigd.

Dat verzoekster tenslotte kennen, dat, indien over de toegekende vergoeding niet beschikt is binnen zes weken na den vervaldag, de vergoeding als onnoodig zal worden beschouwd en geacht zal worden niet te zijn toegekend.

s'Gravenhage 25 Februari 1910

*Voor de Minister
Het Hoofd der Afdeeling
Militie en Landweer*

In 1920 kocht hy syn earste automobiel en yn 1930 in frachtauto (de keapakte is der noch). Ut 1915 is der in keapkontrakt fan it beurtskip de 'Voortwaarts 11'.

Hattum de Vries is ferstoarn op 17 november 1968 yn de âldens fan 91 jier.

Jannie van Zonneveld-de Vries.



*Foto :Hattum de Vries en zijn vrouw
Jantje de Vries-Sibma*



Foto: It West 18, woning van Hattum de Vries